

SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde

Rjochte oan DS / lid DS	De hear Kramer, deputearre
Ynljedende taljochting (fakultatyf)	<p>Op 29 maaie 2019 hat de Ried fan Steat besletten dat de Programmatische Aanpak Stikstof (PAS) net mear brûkt wurde mei foar aktiviteiten dy't stikstof produsearje en dat fergunningen nedich binne foar it weidzjen fan fee en it bedongjen fan it lân.</p> <p>Minister Schouten fan Lânbou, Natuer en Itenskwalityt hat yn de simmer in advyskommisje ynsteld. De komisje sil op koarte termyn advisearje oer de wize wêrop tastimming ferliend wurde kin foar ûntwikkelingen dy't stikstofdeposysje jouwe op dêrfoar gefoelige plakken. Neffens de plening sil de advyskommisje yn it begjin fan de hjerst (twa moannen nei beneaming) mei foarstellen komme.</p> <p>Op dat stuit sil der in grut ferlet wêze fan ynformaasje oer wat dy nije foarstellen foar de yndividuele boarger of it yndividuele bedriuw betsjut.</p> <p>De FNP fynt it wichtich dat boargers, bedriuwen, oare Fryske oerheden en belutsenen op in leechdrompelige wize ynformaasje krije kinne oer de nije mooglikheden en ûnmooglikheden.</p> <p><i>Ferwizings:</i></p> <ul style="list-style-type: none">• Keamerbrief Minister Schouten, 12 july 2019• Ried fan Steat: ECLI:NL:RVS:2019:1603 en ECLI:NL:RVS:2019:1604 (29 maaie 2019)
Fraach / fragen	Binne Deputearre Steaten ree om in ynformaasjepunt yn te stellen wêr't bedriuwen, boargers, oare oerheden en belutsenen telâne kinne mei alle fragen dy't sy hawwe oer de nije oanpak fan de stikstofproblematyk?

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) Ut namme fan de FNP Steatenfraksje, Wopke Veenstra
---------------	--

Datum	05-09-2019
-------	------------